

SIS TSIIS



FOAR FRYSK UNDERWIIS

SISTSIIS2016@GMAIL.COM

SISTSIIS2016.WORDPRESS.COM

Oan it Kolleezje fan *Deputearre Steaten*
fan de provinsje Fryslân
Yn ôfskrift oan de *Provinsjale Steaten*

Ljouwert, 12 maaie 2017

ûnderwerp: it Frysk yn it (hie)le ûnderwiis

Rju achte leden fan Deputearre Steaten en Provinsjale Steaten,

Freed 3 febrewaris 2017 kaam *Dingtiid*, it *Orgaan foar de Fryske taal*, mei in advys oer it Frysk yn it ûnderwiis mei as titel “Meartaligens as kwaliteit en doel”. In pear jier lyn hat de *Ried fan de Fryske Beweging* omtinken frege foar syn projekt “Fan ûnderen op”. Willem Verf c.s. kamen mei it plan *Fierder mei Frysk* foar in “Brede Maatskiplike Diskusje” en wy kamen yn desimber 2016 as *Sis Tsiis* mei in aksje en in needgjalp om mear te dwaan oan it Frysk yn it ûnderwiis. In aksje mei in soad sukses dy’t sa mar op de tongersdeitejûn foar krysttiid mear as 300 minsken loek. Dêr aanst mear oer. En as wy dan sjogge nei it grutte tal artikels dat de ôfrûne tiid yn kranten ferskynde, dan is der mar ien konklúzje mooglik: der binne grutte soargen oer de takomst fan it Frysk.

“Frysk op skoalle: in bernerjocht”, mei dat rjochtfearde doel waard op tongersdeitejûn 22 desimber 2016 yn de binnenstêd fan Ljouwert de alderearste manifestaasje fan de boargerinisjatyfgroep “Sis Tsiis” holden foar mear en better Frysk ûnderwiis. Frysk op de basisskoalle is al sûnt 1980 ferplichte (it fuortset ûnderwiis kaam wat letter). Op papier liket it yn guon gefallen hiel wat, mar yn werklikheid komt der fierstente min fan op ‘e hispel. De leardoelen ferplichtsje suver ta neat. De ûnderwiisynspeksje seit dat se net witte wat se ynspekterje moatte en is dus al jierren lyn mei ynspekterjen opholden. De learkrêft kin gauris net út de fuotten mei it lesmateriaal, hat sels net iens it foech om lesjaan te meien yn it Frysk of hat it te drok mei al it oare dat der op him of har ôfkomt. It skoalbestjoer bûcht te gau foar de Hollânsktalige anty-Friezen dy’t der neat fan hawwe moatte. It resultaat is: *gjin* Frysk, *heal* Frysk, *min* Frysk.

Dingtiid komt mei deselde konklúzje. Wy sitearje út syn rapport: “Us observaasjes binne yn twa haadlinen op te dielen. Oan de iene kant barre der moaie dingen as it om it Frysk yn it ûnderwiis giet. Der is beweging yn alle fazen yn it ûnderwiis, minsken nimme inisjativen en der wurdt gebrûk makke fan de nijste middels. Oan de oare kant is dat wat der bart, faak fersnipele, slút it net opinoar oan en hinget it ôf fan yndividueel entûsjasme. Dat fine wy spitich. Boppedat ha wy dat byld ek al fêststeld yn ús stúdzje oangeande it hiele Fryske fjild (sjoch *Feroaring en ferbettering*). Fierder fernimme wy dat der gjin brede stipe út it ûnderwiisfjild sels is. Rânebetingsten binne bygelyks net goed regele. It belang fan it Frysk as fak- en fiertaal yn it ûnderwiis wurdt net genôch sjoen. Mei as resultaat dat it Frysk deropta liket te wêzen.”

Sis Tsiis hat mei niget it Dingtiid-rapport “Meartaligens as doel en as kwaliteit “ lêzen. Benammen advys 4 om foar leararen yn Fryslân it hawwen fan it foech Frysk yn de easken fan bekwamens op te nimmen, kin op ús ynstimming rekkenje. Advys 6 om “meartaligens” as kwaliteit en doel yn fakatuere-easken op te nimmen, fernuveret ús. Wol it mei it Frysk wat wurde, dan soe ek it *Frysk* eksplisyt opnommen (neamd) wurde moatte. Wy hawwe noch mear muoite mei advys 10, dêr’t yn pleite wurdt foar differinsjaasje yn it foech Frysk. Dat sil neffens ús der op ’en nij ta liede dat it Frysk der wat by begjint te hingjen. Men soe jin ôffreegje moatte oft minsken dy’t net by steat binne om yn in ridlike tiid harren it Frysk eigen te meitsjen, wol thúshearre yn it ûnderwiis. En dan: wêrom soe de provinsje of soenen de skoalbestjoeren it heljen fan in foech net ekstra beleanje? In woartel helpt better as in stôk. Ek de rol dy’t de ûnderwiisynspeksje tadield wurdt yn advys 18, liket ús wichtich.

Der is aardich wat wetjouwing (al is dy net tarikkend), sawol op Europeesk, lanlik as provinsjaal nivo stiet der genôch yn om it Frysk yn in grut part fan it ûnderwiis in folle better en grutter plak te jaan. Mar it giet fansels ek om “the hearts and minds” fan de befolking. Dêr soe de provinsje folle mear op ynsette moatte. Fansels, minsken litte har liede troch prinsipes, mar noch mear troch belangen. It ekonomysk belang fan it Frysk is der amper. Dat jildt ek foar de sichtberens fan de taal. Wy hawwe gjin Frysktalige kranten of tydskriften mear, alteast net foar in breed publyk. Ek dy bûten it ûnderwiis lizzende faktoaren meitsje de reewilligens om it Frysk in goed plak te jaan net grutter. Want wêrom soe men eins Frysk lêzen en skriuwen leare wolle as men dat (hast) nearne brûke kin of moat? Dy trochslachjaande faktor wurdt yn al it stribjen nei goed ûnderwiis yn it Frysk oer de holle sjoen. Dêr soe de provinsje ek de foarstap ta nimme moatte, bygelyks troch dúdlike easken te stellen oan minsken dy’t wurksom binne yn it iepenbier bestjoer.

Graach soenen wy de kommende tiid mei jimme yn petear wolle oer hoe’t wy tinke dat der stal jûn wurde kin en moat oan ús stribjen nei “Goed Frysk op skoalle: in bernerjocht!”, want dêr falt fansels mear oer te sizzen as wat wy hjir kwyt kinne.

Wy hawwe de muoite nommen om nei te gean wat de wet oan mooglikheden biedt foar it fuortsterkjen fan ús Fryske taal en de ferplichtings dy’t dêrút fuortkomme foar de lanlike en provinsjale polityk. En wat der fierder noch nedich is. Dat stik stjoere wy hjirby (mei bylagen) mei. Wy wachtsje jimme reaksje ôf.

Mei achtinge en freonlike groetnisse,

út namme fan *Sis Tsiis*,

Pier Boorsma
drs. Sytze T. Hiemstra
drs. Kerst Huisman
drs. Friduwih Riemersma
Geart Tigchelaar MA

Bylage(n): beswierskrift (mei taheak)



Fiif foar tolven foar it Frysk.

By alle stribjen dat derop rjochte is it Frysk yn it ûnderwiis syn rjochtlik plak te jaan en by alle suksessen dy't de ôfrûne desennia behelle binne, net it minst troch ferbetteringen yn de kwaliteit fan de lesmetoaden, wurdt út it each ferlern dat it Frysk yn libben gebrûk hurd ôftakket. Noch mar in tredde part fan de Fryske befolking jout it Frysk noch oan syn bern troch. Dat slûpende proses, dat noch it meast oan it ljocht komt op de skoallepleinen, dêr't de memmetaal al linkendewei ferkrongen is troch it Hollânsk, liket net mear te kearen. Mar is dat in aliby om it Frysk dan mar slûpe te litten? Nee, sizze wy. Dêrom dogge wy in berop op al dejingen dy't ús taal oan 't hert giet, de leararen yn it basis- en fuortset ûnderwiis foarop, om no't it noch net te let is, it Frysk in folweardich plak te jaan yn de skoalle. Op hieltyd mear skoallen binne de leararen har dat bewust en meitsje se der wurk fan. Mar op noch folle mear skoallen wurdt it op syn minst faak as in obstakel field of op syn bêst in suertsje by de deiske boadskippen yn it Hollânsk en, op de trijetalige skoallen, it Ingelsk. De statistiken wize it út. Dat meie wy net langer tastean. Lykweardichheid, wetlik al lang fêstlein en ek troch it Europeesk Hânfest easke, moat lang om let ek yn de praktyk sa gau mooglik realisearre wurde: IT IS FIIF FOAR TOLVEN.

Dêrom stypje wy fan herten de manifestaasje dy't de boargerinisjatyfgroep Sis Tsiis op tongersdei 22 desimber hâlde sil yn de binnenstêd fan Ljouwert. Wy steane der tagelyk by Deputearre Steaten, yn kwestje de deputearre fan ûnderwiis Sietske Poepjes op oan mei gauwens ta aksje oer te gean.

Sis Tsiis, 14 desimber 2016

Jan Arendz
Jabik van der Bij
Douwe de Bildt
Andrys de Blaauw
Rolf Bremmer
Leny Dijkstra
Leo Dijkstra
Anneke Douma
Gurbe Douwstra
Kobe Flapper
Marijke Geertsma
Durk Gorter
Rients Gratama
Josse de Haan
Carla van der Heijde
Jarich Hoekstra
Hindrik ten Hoeve
Ultsje Hosper
Sjoukje Iedema

Lutz Jacobi
Goffe Jensma
Iris Kroes
Jelle Krol
Frâns Kuipers
Eelke Lok
Titia Lont
Sido Martens
Teake Oppewal
Johannes Rypma
Willem Schoorstra
Freark Sminck
Marcel Smit
Hylke Speerstra
Steven Sterk
Rob Tielman
Tsjerk Veenstra
Andries Veldman
Willem Verf

Dolf Verroen
Liuwe H. Westra
Griet Wiersma
Piter Wilkens
Baukje Wyttsma
Johan van der Zee
Wout Zijlstra
Nynke Beetstra
Geart Benedictus
Pier Bergsma
Pier Boorsma
Pieter de Groot
Sytze Hiemstra
Kerst Huisman
Susan ten Kate-Brattinga
André Looijenga
Tjitske Meesters
Friduwih Riemersma
Abe de Vries